

Biografy

Net dyn standert bluesband, mar in eigensinnige bluesrockformaasje besteande út fiif útsprutsene persoanlikheden.

De strôt fan sjonger Jorn Idzerda is rau en rûch en syn mûlharp wurdt mei in soad power bespile. Drummer Hendrie Achtien is tegearre mei bassist André Klijnstra ferantwurdlik foar de strakke ritmeseksje. It gitaargeweld wurdt fersoarge troch Wieger de Wit. De straffe grooves kostje wol in stikmennich snaren, mar soargje wol deeglik foar in sûne poarsje enerzjy.

Rasmuzikant Victor de Vries nimt neist de toetsepartijen ek gitaarwurk voor syn rekkening. Mei -inoar produsearret dizze skrale mar goed smarde masine stampende Fryske bluesrock.

De band komponearret en skriuwt eigen nûmers, mei as ynspiraasjeboarne û.o. The Red Devils, the Doors en AC/DC. It earste album "Helden fan de tredde helte" is yntusken in feit en te beharkjen op û.o. ús webside en Spotify. Troch ferskate ferkeapkanalen as bol.com en de Fryske muzykwinkel kinne jo dizze Fryske hit-cd yn it besit krije. Op dit stuit is de band drok dwaande mei nij materiaal. Dit sil wierskynlik liede ta in nije cd.

De band stiet garant foar mear as in oere ûntwapenjend mei-inoar spyljen dat soarget foar in noflikke sfear, geskikt foar elk feest/festival!

De band hat in PA-ynstallaasje en in lûdstechnikus (Erik Wagenaar), sadat der gjin kroech mear feilich is. Fansels geane neist de lûdstechnikus en skrale privésjauffeur (Hans van der Zwaag) ek de nedige sjouwers (Alex Klijnstra) en kreaze froulju mei foar promoasje en ferkeap by live-optredens.

Skraal hat al optredens fersoarge op Aaipop (it grutste Frysktalige festival fan Nederlân), it Blues & Americanafestival, Herberchblues, Knypstermerke, Expansie, Oerrock en fansels yn legio rikkerige kroegen. Ek wurdt Skraal geregeld draaid op Omrop Fryslân en wiene se al ferskate kearen live te hearren yn it programma 'Noardewyn'.

Biografie

Niet je standaard bluesband, maar een eigenzinnige bluesrock formatie bestaande uit vijf uitgesproken persoonlijkheden.

De strot van zanger Jorn Idzerda is rauw en ongepolijst en zijn mondharp wordt met veel power bespeeld. Drummer Hendrie Achtien is samen met bassist André Klijnstra verantwoordelijk voor de strakke ritmesectie. Het gitaargeweld wordt verzorgd door Wieger de Wit. De stevige grooves kosten de enige snaren, maar zorgen wel degelijk voor een gezonde portie energie.

Rasmuzikant Victor de Vries neemt naast de toetspartijen ook gitaarwerk voor zijn rekening. Samen produceert deze skrale maar geoliede machine stampende friese bluesrock.

De band componeert en schrijft eigen nummers met als inspiratiebron o.a. The Red Devils, the Doors en AC/DC. Het eerste album "Helden fan de tredde helte" is inmiddels een feit en te beluisteren op o.a. onze website en Spotify. Via vele verkoopkanalen als bol.com en de Fryske musykwinkel kunt u deze Fryske hit cd bemachtigen. Momenteel is de band druk bezig met nieuw materiaal wat wellicht leidt tot een nieuwe cd!

De band staat garant voor meer dan een uur ontwapenend samenspel dat zorgt voor een gezellige sfeer geschikt voor elk feest/festival!

De band bezit een eigen PA installatie en een geluidstechnicus (Erik Wagenaar) waardoor er geen kroeg meer veilig is. Uiteraard gaan naast de geluidstechnicus en skrale privé chauffeur (Hans van der Zwaag) ook de nodige sjouwers (Alex Klijnstra) en sierlijke dames voor de merchandise mee bij live optredens.

Skraal heeft al optredens verzorgd op Aaipop (het grootste Frysktalige festival van Nederland), het Blues & Americana festival, Herberch blues, Knypstermerke, Expansie, Oerrock en natuurlijk een legio aan rokerige kroegen. Ook wordt Skraal regelmatig gedraaid op Omrop Fryslân en waren ze al meerdere malen live te beluisteren in het programma 'Noardewyn'.